US WURK XLVIII (1999), p. 1

[0760] IN MEMORIAM W.J. BUMA (1910-1999)

Oebele Vries

Op 19 oktober 1999 is Wybren Jan Buma, âld-heechlearaar yn de Fryske taal- en letterkunde en it Goatysk oan de Ryksuniversiteit te Grins, yn ‘e hege âldens fan 89 jier te Ljouwert ferstoarn. Om’t dizze ôflevering fan *Us Wurk* krekt noch net by de printer lei, kin it berjocht fan syn ferstjerren hjirre noch meidield wurde. Wy heakje dêr in koart portret oan fêst fan dizze markante frisist, dy’t ek op dit tydskrift syn stimpel set hat.

Wybren Jan Buma waard op 19 oktober 1910 yn Den Haach berne út Fryske, krekter sein Stedfryske, âlden. Hy groeide op yn Harns en Froubuorren. Nei it beheljen fan it diploma HBS-B en it steatseksamen studearre er Dútsk oan de universiteit fan Grins, dêr’t de germanist Kapteyn en dêrnjonken ek de lektor Frysk Sipma syn learmasters wienen. Yn 1935 helle er syn doktoraal Dútsk, mei as byfakken Aldfrysk, Aldsaksysk en Aldnoarsk. It foel dêrnei net ta om oan ‘e slach te kommen, mar úteinlik krige er in oanstelling as learaar Dútsk yn Alphen aan den Rijn, dêr’t er likernôch tweintich jier bliuwe soe. Yn syn frije tiid lei er him út op ‘e stúdzje fan it Aldfrysk. Yn 1949 promovearre er yn Grins op it proefskrift *Die Brokmer Rechtshandschriften*, dat foar in grut part yn de besettingsjierren stal krige hie. Syn promotor wie de doetiidske heechlearaar Frysk en Goatysk Jelle Brouwer, fan wa’t er sân jier letter de opfolger wurde soe. Earst waard er lykwols, noch yn 1949, oansteld as bûtengewoan heechlearaar Frysk oan de universiteit fan Utert, in funksje dy’t him goed kombinearje liet mei it learaarskip yn Alphen. Yn 1956 folge dan syn beneaming ta heechlearaar-direkteur fan it Frysk Ynstitút yn Grins. Yn 1975 waard er 65 jier, mar ôfskie fan syn amt naam er, om’t der earst noch gjin opfolger wie, pas yn desimber 1976. Hy hie him doe al nei wenjen set yn Goutum, dêr’t er syn Aldfryske stúdzjes mei fjoer en faasje ferfette.

Buma seach himsels as in ‘taalman’ mei in wittenskiplike opdracht, dy’t foar him tagelyk nasjonale plicht wie: it besoargjen fan Aldfryske tekstútjeften as grûnslach foar in takomstich wurdboek fan it hiele Aldfryske tekstcorpus en foar fierder, benammen taalkundich, ûndersyk, mar ek as monumint foar de Fryske taal. Hy naam dy opdracht tige earnstich. Foar him betsjutte dat: elk beskikber momint fierder wurkje en jin sa min mooglik ôfliede litte troch, nei syn oardiel, folle minder needsaaklik wurk, lykas bestjoerlike aktiviteiten, it dielnimmen oan wittenskiplike kongressen en it skriuwen fan boekskôgings. De fruchten fan syn bodderswurk binne oerdie-

dich: trije dielen yn de rige *Oudfriesche Taal- en Rechtsbronnen* (elk foarsjoen fan in mânsk wurdboekpart), seis dielen yn de rige *Altfriesische Rechtsquellen* (it oanpart dêryn fan meibesoarger Wilhelm Ebel wie njonken sines eins mar lyts), noch twa oare tekstútjeften (*Aldfryske houlikstaspraken* en *Codex Aysma*; yn it lêste gefal wie syn eigen oandiel minder grut as meibesoarger Gerbenzon sines) en dan noch in monumintaal wurdboek op it hânskrift *Jus Municipale Frisonum*. It lytsere wurk, benammen etymologyske stúdzjes, litte wy dan noch bûten beskôging. In etymologysk wurdboek fan it Frysk, dêr't er oars wol in priuwke fan levere hat, is him net út hannen kommen. Dat er him roppen fielde om de nije Fryske Bibeloersetting te kritisearjen en dêrnei sels as Bibeloersetter oan 'e slach te gean, sil er sjoen ha as in dûbelde plicht: as Frysk 'taalman' en as leauwich minske.

Under Brouwer syn lieding hie it Frysk Ynstitút in útsprutsen filologysk profyl krige. Buma fielde gjin inkelde oanstriid om dêr feroaring yn oan te bringen. Dat der yn syn tiid in meiwurker foar letterkunde beneamd waard (oant dy tiid joech er sels ek op dat mêd kolleezje), wie min ofte mear ôftwongen troch de studinten. Tragysk wie dat fansels net, mar dat wie al it konflikt mei syn foargonger Brouwer oer de fiertaal fan it Wurdboek fan de Fryske Taal, dat oan de Fryske Akademy taret waard. Yn de feestbondel foar Brouwer út 1960 stiet dêrom gjin bydrage fan Buma en oarsom yn dy foar Buma fan tsien jier letter ek gjin fan Brouwer.

Buma mei dan fan ferskillende kanten en faaks net altiten sûnder reden bekritisearre wêze, likegoed sil, no't wy de balâns fan syn libben opmeitsje kinne, net ien syn bliuwende fertsjinsten foar de frisistyk yn 'e kiif stelle kinne. Foar syn moedsum krewearjen op it letter net mear sa heech as earder oanskreaune mêd fan de filology passe ús dêrom bewûndering en tank.

Rijksuniversiteit Groningen
Frysk Ynstitút